

## Ynlieding

De kar om mei de *crowdfund*-aksje 'Nije tiden, oare kneppels' foar it earst de publisiteit te sykjen hat foar it Fryslân Fûns goed útpakt. Net allinnich is der in goed begjin makke om de doelstelling fan 25.000 euro foar de *crowdfund*-aksje te heljen. Ek hat it Fryslân Fûns mei dizze aksje in stik nammebekendheid opboud. In moai begjin mar dat moat noch better fansels.

## Crowdfund-aksje 'Nije tiden, oare kneppels'

Yn it begjin fan it jier binne der kontakten west tusken it Fryslân Fûns, de Ried fan de Fryske Beweging, Sis Tsiis, in aksje groep dy't him ynset foar better ûnderwiis yn it Frysk en it Fryslân Fûns. Derút is it idee ûntstien in *crowdfund*-aksje te begjinnen mei as doel jild yn te sammelen foar, sa nedich, finansjele stipe oan (juridyske) stappen om it ûnderwiis fan it Frysk te ferbetterjen.

It Fryslân Fûns hat de kar makke de *crowdfund*-aksje fia de webside Geef.nl te dwaan. It Fryslân Fûns stiet der op as *Goed Doel* (sjoch <https://www.geef.nl/nl/doel/stifting-fryslan-funs/over-ons>). En de *Geefactie* 'Nije tiden, oare kneppels' (sjoch <https://www.geef.nl/nl/actie/nije-tiden-oare-kneppels/donateurs>). Dizze *crowdfund*-aksje is de earste fan it Fryslân Fûns mar der sille fêst mear folgje.

## PR

Om ús *crowdfund*-aksje bekend te meitsje binne in oantal aktiviteiten ûndernaam. Der is in e-mail stjoerd nei relaasjes fan de partijen dy't belutsen wiene by de aksje. Wy hawwe in parseberjocht stjoerd nei safolle media as mooglik. Wy koene de aksje taljochtsje yn it programma Underweis fan Eric Ennema op Omrop Fryslân. In artikel is publisearre yn û.o. de Ljouwerter Krante, it Friesch Deiblêd en ItNijs.frl Under oare de Jongfryske Mienskip hat har leden ynformearre oer de aksje. En yn it desimber nûmer fan De Nije hat in advertorial stien oer it Fryslân Fûns en de aksje. Ek de stipers fan de Ried fan de Fryske Beweging binne ynformearre. As lêste stiet de aksje no ek neamd op de webside fan it Fryslân Fûns.

It resultaat wie boppe ferwachting. Net allinnich hat de aksje jild opsmiten, ek it Fryslân Fûns seach stipersjild binnen kommen. It doel fan 25.000 euro foar de aksje wie op 31 desimber net helle. Dêrom litte wy de aksje iepen stean oant en mei 16 novimber 2022 (Kneppelfreed).

## **Bestjoer**

Op 1 jannewaris hie it bestjoer de folgjende gearstalling:

Geeske Krol-Benedictus (foarsitter)  
Lolke Folkertsma (ponghâlder)  
Reinder Bil (lid)  
Hans Kort (lid)

Yn it begjin fan it jier binne Arjen Dijkstra en Jehannes Elzinga fan de Ried fan de Fryske Beweging fersocht sit te nimmen yn it bestjoer fan it Fryslân Fûns. Op 5 maart besochten hja de earste bestjoersgearkomste. Yn septimber hat Lolke Folkertsma besletten te stopjen as bestjoerslid. Hy naam ôfskied op 29 septimber. Dêrnei waard Arjen Dykstra de ponghâlder. Dêrneist wiene der noch in oantal feroaringen fan funksjes.

Op 31 desimber wie de gearstalling fan it bestjoer:

Reinder Bil (foarsitter)  
Hans Kort (skriuwer)  
Arjen Dijkstra (ponghâlder)  
Jehannes Elzinga (lid)  
Geeske Krol-Benedictus (lid)

## **Gearkomsten**

Wy hiene ôfrûne jier sawol fysike as digitale gearkomsten. Dat lêste fansels fanwegen korona. Gearkomsten wiene der op 5 maart, 15 april, 29 april, 14 maaie, 1 july, 24 augustus, 29 septimber 17 novimber en 16 desimber.

## **Bining**

Wy jouwe minsken dy't jild oermeitsje nei it Fûns, mar ek oare ynteressearden, de mooglikheid harren yn te skriuwen foar berjochten oer ús aktiviteiten. Dit ferslach en it finansjele jierferslach is de earste kommunikaasje oan dizze belutsen folgers. Sjoch op ús webside as jo jo ek oanmelde wolle.

De klam lei ôfrûne jier op it ynsammeljen fan jild. Jild dat wy nedich hawwe foar it úteinlike doel fan it Fryslân Fûns, it stypjen fan nije inisjativen om it plak fan it Frysk te ferbetterjen.

## **Earste oanfraach**

Dêrom docht it ús goed, ta beslút oan te jaan dat it earste fersyk om stipe foar in projekt oan de ein fan it jier binnen kaam. Mear ynformaasje hjir oer stiet op ús webside.

Reinder Bil

Foarsitter

Hans Kort

Skriuwer